

| Ferantwurding

'De Fûke' ferskynde foar it earst yn 1966 en is neitiid in kear as fjouwer herdrukt. Sels ha 'k der lykwols nooit wer nei omsjoen. As in ferhaal ôf is en it is útjûn dan ha 'k der gjin ferlet fan om der fierders noch mei om te pakken, sadwaande.

Ferline jier moast ik by it omsetten yn de nije stavering dochs noch in kear oer 'De Fûke' gear. It ferhaal foel my doe in bytsje ôf. Dat is te sizzen, de earste fjouwer haadstikken wienen my op in inkeld wurd nei wol nei 't sin, mar fierderop tocht ik gauris: dat hie foar 't selde even better kind.

Soks hoecht jin fansels net te fernuverjen. It soe al frjemd wêze as jo yn de hast tritich jier nei it skriuwen fan sa'n ferhaal net wat byleard hienen.

Der komt noch wat by. Safolle jier letter mei men net mear oannimme dat elkenien alles wit oer de tiid wêryn it ferhaal spilet. As der dan út en troch ek noch werom grypt wurdt nei it tiidrek dat yntusken santich jier achter ús leit dan meie guon histoarise feiten suver wol even neier taljochte wurde.

By einbeslút ha 'k dêrom hjir en dêr in alinea frijmoe-dich opnij skreaun en op oare plakken mei in pear wurden de sitewaasje ferdúdlike.

De skriuwer